

It Bestjoer

Ponghâlder:

A. Wester-Muller
Scheiberglaan 316
1974 SG IJmuiden till. 0255-510575

Skriuwster:

T.L. Rijkema-van Malsen
Grootschermerweg 8
1843 HE Groot-Schermer till. 0299-671170

2^e Foarsitter en 2^e ponghâlder:

L. Pen-Berkenpas
Lorentzplein 12
2012 HG Haarlim till. 06-21512999

2^e Skriuwer en lede-administraasje:

P. Heijblok
Oosteinderweg 40
1981 AP Velsen-Zuid till. 0255-517089

Mutaasjes oer opsizzen fan it lidmaatskip (foar 1 maaie) en adresferoarings skriftlik of telefoanysk rjochtsje oan:
P. Heijblok (lede-administraasje).

Bankrekken nr. NL 30RABO 0373500149 op namme fan:
Penningmeester Fries Gezelschap Gysbert Japicx Haarlem

Kriteblêd: Redaksjeadres: Grootschermerweg 8
1843 HE Grootschermer

E-mail: kritehaarlem@hotmail.com

Fan de (2^e) foarsitter,

Nettsjinsteande it minder goede waar wienen der wer in protte leden op de earste jûn fan it nije jier. Foar 't neist mei troch de oankundiging fan it toanielstik "Twafertsjinnens yn Twastriid" fan ús susterkrite út Boadegraven.

It stik lit op in bysûndere manier sjen hoe yngewikkeld in húshâlding mei twa partners mei elk in folsleine baan wêze kin en watfoar gefolgen soks hawwe kin by te min ûnderlinge kommunikaasje.

Yn de kritegearkomste fan 11 maart 2017 besykje wy twa miggen yn ien flap te slaan, te witten earst ús jierlikse algemiene ledegearkomste en dêrby oanslutend in optreden fan de "Troubadours" Gjalt en Paul. Oangeande de jiergearkomste alderearst in pear dingen foarôf. Sa't jo tink noch witte wie Rennie ferline jier doe't de jiergearkomste holden waard noch ús foarsitter, mar koe hja der fanwegen har sykte net by wêze.

Nei har ferstjerren - in pear moanne letter - haw ik, tegearre mei Anny Wester, yn in soarte fan duobaan de funksje fan waarnimmend foarsitter op my nommen.

Fierder ha wy in oprop dien foar in kandidaat foar in bestjoersfunksje. Gelokkich ha wy Wietze Hiemstra (ferline jier noch ien fan de rekkenopnimmers) ree fûn om yn it bestjoer opnommen te wurden en as kandidaat rint er dit nije kritejier al mei. Dat sil jimme net ûntgien wêze. Wy hoopje dat de ledegearkomste mei syn beneaming ta bestjoerslid ynstimme sil.

Nei in koart skoft sille De Troubadours Gjalt en Paul optrede. Hja spylje folksmuzyk op lûkpûde en akkordeon. Tuskentoch wurde folksferhalen ferteld dy't in soad mei it wetter en de see te krijen hawwe en mei de lietsjes dy't spile wurde.

En last but not least stiet der ek wer in moaie ferlottingstafel klear om elk kâns te jaan op ien of mear prachtige prizen.

Neffens my genôch reden om wer fan de partij te wêzen.

Mei kritegroetnis,
Loes Pen-Berkenpas, 2^e foarsitter

Jiergearkomste

Jiergearkomste op sneon 11 maart 2017 om 19.30 oere
yn it Stedelijk Gymnasium
Jacobijnestraat 24
2011 TH Haarlem

De wurklist:

1. Iepening.
2. Meidielingen en ynkommen stikken.
3. Oantekeningen fan de jiergearkomste fan 19 maart 2016.
4. Ferlach fan de skriuwster oer it jier 2016.
5. Ferlach fan de ponghâlder oer it jier 2016..
6. Begrutting.
7. Ferlach fan de rekkenopnimbers en it beneamen fan in nije rekkenopnimmer.
8. Bestjoersferkiezing: oan bar fan ôfgean binne mefr.

A. Wester-Muller en de hear P. Heijblok. A. Wester-Muller en de hear P. Heijblok stelle harren wer beskikber.

Kandidaat as nij lid foar it bestjoer : De hear W. Hiemstra.

Tsjin-kandidaten kinne opjûn wurde oan it begjin fan de gearkomste ta.

9. Omfreegjen.
10. Sluting.



Oare kritejûnen fan Gysbert Japicx

Sneon 11 novimber 2017 Noordenbos en Co

Jûnen oare kriterien Diel 1

Den Helder	Ynformaasje: B.T. de Vries 10-3-2017	0223617752
Hoarn	Ynformaasje: J. Vogel 25-3-2017	0229234013



Frysk bakkersguod

By Tonia Rijpkema kinne jo in bestelling opjaan foar Frysk bakkersguod.

De prizen dêrfan binne:

Lytse sûkerbôlen	€ 2,10
Grutte sûkerbôlen	€ 3,90
Lytse oranjekeuken	€ 5,00
Grutte oranjekeuken	€ 6,50 / € 10,00
Dúmkes	€ 2,60

Graach jo bestelling opjaan foar freed 3 maart 2017

Till. 0299-671170 / 06-46575841.

(tusken 18.00-19.00 oere).

Ferwûndering

wy kuijerje lâns in brede sleat
troch it wide maitiids lân

in strakblauwe loft
mei wite skieppewolkjes
behoedet ús petear

geandewei belânje
wy yn in wrâld
mei wûnderlike ynsichten

it waaksjende griene gers
nimt ús tinzen yn har
útdijen mei omheech

tusken himel en ierde sille
wurden nea bedjipje
wat wetter loft en wolken
teweechbringe

aukje wijma



Wenje yn in skilderij - Lida Dykstra

Laurence is de dochter fan de skilder Lawrence Alma-Tadema (1836-1912). Se wennet mei har âlden, suske Anna, juf, it personiel en de hûn Brio yn in grut en bysûnder hûs yn Londen en fertelt yn dit boek hoe't it is om de dochter fan in ferneamde keunstner te wezen.

Lida Dykstra & Alma Tadema

It nijsgjirrige oan it wurk fan Alma Tadema liket my om syn biografy neist it wurk te lizzen. It wurk sels lûkt my net hiel bot oan, in soad prachtige technyk fansels, mar ik mis persoanlikheid. Dat byld feroaret lykwols as jo kennis nimme fan syn libben en syn wrâld. Dan begjint it wurk ynienen wol mear te libjen, al least foar my. Soks moat Lida Dijkstra miskien ek belibbe hawwe? Yn har boek 'Wenje yn in skilderij', in útjefte fan it Fries Museum en Wijdemeer, hat se besocht dat ûnbidich grutte oeuvre en dy waansinnige status fan Alma Tadema lytser te meitsjen. Lytser yn de betsjutting fan tagonklik. Yn har boek, in sjenre kin ik der noch net foar betinke, skriuwt se oer it húslike libben yn it gesin fan Alma Tadema fanút it perspektyf fan ien fan syn dochters. It hûs is prachtich, de ûnderlinge bannen yn de famylje binne waarm en leafdefol en de bern krije thús harren ûnderrjocht. In paradys in meardere opsichten, dêr't de bern net maklik út falle sille. Ferskate taferielen fan dat libben binne troch de skilder fêstlein en om dy wurken hinne hat Lida Dijkstra har ferhaal betocht. Sa wurkje ferhaal en wurk, dat yn in prachtige foarmjouwing fan Gert Jan Slagter ek opnaam is yn it boek, moai op elkoar yn. Op dy wize komt sa'n grutte skilder foar de jeugdige lêzers folle tichter by. Dat Lida der dan ek noch yn slagget om hjir en dêr in lytse les yn skilderstechniken te jaan, oer djippte en perspektyf bygelyks, of komposysje, makket it boek hielendal kompleet. In berneboek wol ik it net neame, dat soe it boek tekoart dwaan, in keunstboek is it al en net, in skiednisboek is it boppedat. Dat lêste seker troch it ekstra Scrapbook dat yn it grutte boek plakt is, mei allerhanne ynformaasje oer de grutte tema's yn it wurk fan de skilder: de Griken, de Romeinen en sels de midsiuwen.

As de útstalling oer Alma Tadema letter ek nei Ingelân giet, dan soe men dochs serieuus in Ingelske oersetting fan dit boek oerweagje moatte. Yn myn eagen is dit ien fan de bêste boeken fan Lida Dijkstra en wol immen dit jier dochs in boek oer Alma Tadema keapje, doch dan dizze mar.

Kritejûn

SNEON 11 maart 2017

De jûns om **19.30** oere

**Yn it Stedelijk Gymnasium
Jacobijnestraat 24
2011 TH Haarlem**

Wy begjinne de jûn mei de jiergearkomste. De wurklist fine jo op side 2.

Tink om de tiid, begjin jiergearkomste 19.30.


Nei de gearkomste in koart skoft.
Tusken 20.15 en 20.30 wolle wy begjinne mei it jûnsprogramma.

De jûn wurdt fersoarge troch:

De Troubadours Gjalt de Jong en Paul Siemensa

Gjalt de Jong is berne yn De Rottefalle en al jierren muzikant yn ûnderskate formaasjes. Dêrneist bekend as ferslachjouwer fan it skûtsjesilen by Omrop Fryslân.

Paul Siemensa wennet sûnt 12 jier yn De Rottefalle en is akkordeonist bij sa wol Wiegels Wjukkemasine en makket al mear as 20 jier diel út fan it Willehûske.



De troubadours sille ús ferhalen fertelle oer silen, wetter, skûtsjes en nuveraardige oare saken.

De mannen spylje op de lûkpûde en de akkordeon en sjonge ek noch prachtige lieten

De Troubadours Paul en Gjalt wolle jo graach in gesellige en ûntspannen jûn besoargje.



Wy hâlde tusken it optreden fan de troubadours troch, noch skoft.

Yn dat skoft wurde der lotten ferkocht.

Foar leden is de tagong € 3.50 op fertoan fan de jildige ledekaart

Tagongspriis net-leden € 10.00.

Lidmaatskip €9.10 de persoan yn 't jier.